



DE FERFLOKTEN

(Fools)

In komyske fabel

fan

NEIL SIMON

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
(Grimas Theatergrime verkoop)
Tel: 072 - 5 11 24 07
E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl
Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DE FERFLOKTEN – FOOLS** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NEIL SIMON** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: 1981, by Neil Simon

Copyright: © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **10** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN: *(yn folchoarder fan opkommen)*

LEON TOLCHINSKY

SNETSKY

MAGISTRAAT

SLOVITCH

MISHKIN

YENCHNA

DOKTER ZUBRITSKY

LENYA ZUBRITSKY

SOFIA ZUBRITSKY

GREGOR YOUSEKEVITCH

TIID:

Lang ferlyn

PLAK:

It doarp Kulyenchikov

NB: De rollen fan Snetsky, de skiephoeder, en Mishkin, de postboade soene troch froulju spile wurde kinne. Yn dat gefal is it stik te spyljen troch 5 froulju en 5 manlju.

EARSTE BEDRIUW

Kulyenchikov, sawat 1890, in doarpke achterôf yn de Oekraïne. Leon Tolchinsky, sawat 30, komt oer in lytse brêge oan op it plein fan it doarp. Hy hat in âlde koffer en in pear byelkoar bûne boeken by him. Hy sjocht yn't rûn, liket fernoege, en begjint dan tsjin it publyk.

LEON: (*glimket*) Kulyenchikov, it befalt my. It is krekt sa't ik it my foarsteld hie: in rêstich, oangenaam doarp, net te grut... it perfekte plak foar in nije skoalmaster om syn karriêre te begjinnen... No ja, om jim de wierhied te sizzen, ik ha twa jier lang de moarnskoften trochbrocht op in skoalle yn Moskou, wê't ik lytste hummels les joech yn de begjinsels fan it spellen en it tellen, mar dit, dit is myn earste bona fide, profesjonele oanstelling as folsleine ûnderwizer. Foar't ik de advertinsje seach dy't in sekere Dr. Zubritsky yn it uni-versiteitsblêd setten hie, hie ik noch noait fan Kulyen- chikov heard. Hoewol't de betrekking yn in ôfhandich doarpke yn de Oekraïne wie, grypte ik de kâns mei beide hannen oan, en ik kin jim wol sizze dat myn hert bûnzet fan opwining. Les jaan, dêr ha'k nocht oan... Gryks, Latyn, astronomy, literatuer. At ik der allinne al oan tink... (*hy sjocht om him hinne*) Ik sjoch hjir gjin ien... Miskien bin ik wat te betiid oankommen- ik bin sa'n bûtengewoan persoan, fol fjoer, dy't foar dei en dage klear stiet om oan't wurk te gear. Dit is de dei fan myn libben. (*wy heare in ramshoarn*) O. Nim my net kwea ôf. (*Snetsky, de skiephoeder, komt op. Hy draacht in ramshoarn en in stêf*)

SNETSKY: Elenya. Lebidoff. Marushka. Olga. Wêr bin jim?

LEON: Moarn.

SNETSKY: Moarn. Ha jo miskien twa dozyn skiep sjoen?

LEON: Twa dozyn skiep?

SNETSKY: Ja. Der wiene fjirtjin. (*hy bliuwt sjen*)

LEON: It spyt my.

SNETSKY: No ja, at jo se sjogge, kin jo har dan in boadskip oerbringe?

LEON: In boadskip foar de skiep?

SNETSKY: Ja, sis dat har hoeder harren siket en dat se tsjin jo sizze moatte wê't se binne en dat ik dan kom om se op te heljen. Tanke. (*rint fuort*)

LEON: Wachtsje, wachtsje. Nim my net kwea ôf - hoe is jo namme?

SNETSKY: (*bliuwt stean*) Snetsky.

LEON: En jo foarnamme?

SNETSKY: (*tinkt nei*) Hoe gau wolle jo dat witte?

LEON: Lit mar. Ferjit jo foarnamme.

SNETSKY: Bin ik fergetten.

LEON: Ik bin Leon Steponovitch Tolchinsky en ik bin de nije skoalmaster.

SNETSKY: Nee mar. Is dat wier? *(hy skoddet Leon krachtich de hân)* Bliid mei jo yn de kunde te kommen, Leon Steponovitch Tolchinsky. Ik bin Huppeldepup Huppeldepup Snetsky... Bliuwe jo hjir oernachtsjen?

LEON: Jo begripe it net. Kulyenchikov wurdt myn nije thús. Ik sil hjir wenje en les jaan. Ik bin, mei ik wol sizze, in tref-lik ûnderwizer.

SNETSKY: O, dat wiene se allegear. Tûzenen ha it besocht, mar net ien is de earste nacht troch kommen. *(blaast hurd op de hoarn)* O, it is sok swier wurk om hjir op te blazen. Ik begryp net hoe't de skiep it dogge.

LEON: Ha jo hjir al tûzenen masters hân?

SNETSKY: Folle mear. Hûnderten. Us kin neat leard wurde. Wy yn Kulyenchikov bin allegear dom. Der is gjin dommer doarp yn hiel Memmelân Poalen.

LEON: Ruslân.

SNETSKY: Ek goed. Allegear bêste minsken, hear, mar gjin ien mei ferstân. *(blaast mei muoite op de hoarn)* O, wat is dat in fijn gefoel. Ik ha sa krekt myn earen iepen dien. Ik miende dat jo flústeren. Wat seine jo ek al wer?

LEON: Wolle jo bewoare dat elke man, elke frou en elk bern...

SNETSKY: Allegear dom. Ik ek. Praat noch tsien minuten mei my en jo merke it fansels.

LEON: *(negearret it)* Ik bin oannommen troch Dokter Zubritsky om syn jonge dochter les te jaan.

SNETSKY: *(barst yn laitsjen út)* De dochter fan Zubritsky? Les jaan? Unmooglik. It fanke is hopeleas. Njoggentjin jier en se hat noch mar krekt sitten leard. Hopeleas is se. Se wit net iens it ferskil tusken in ko en in ein. Net dat it in maklik ûnderwerp is...

LEON: *(tsjin publyk)* Der is wat oan de hân hjir. *(hellet de advertinsje út de bûse)* Ik ha der doe net sa by stil stien, mar de earste kear dat ik de advertinsje lies, foel my wol deeglik op dat elk wurd ferkeard speld wie... Dokter Zubritsky sil it allegear wol útlizze. *(docht in stapke werom en seit tsjin Snetsky)* Jo ha my goed holpen, boarger Snetsky. Ik fûn it noflik even mei jo te babbeljen.

SNETSKY: Fûn ik ek, Master Tolchinsky. *(tsjin it publyk)* Hy is net de iennige dy't lûd op tinke kin. Dat kin ik krektlike goed. *(besyket nei te tinken)* De swierrichheid is dat ik noait in gedachte ha om lûd op te tinken. No, ik moat wer fierder. Dei, skoalmaster.

LEON: Wy sille elkoar grif noch wolris tsjin komme.

SNETSKY: O, fansels. Gewoan myn namme neame en elkenien wit oer wa't jo it ha. Snetsky de skieppesiker. *(hy giet ôf. In Magistraat komt op, hy lied in bel. Leon besiket him steande te hâlden, mar wurdt negearre)*

MAGISTRAAT: Njoggen heit de klok yn it doarp Kulyenchikov en alles giet goed... Njoggen heit de klok en alles giet goed. *(hy is fuort)*

LEON: *(tsjin publyk)* Hy koe no wol roppe dat alles goed gong, ik begûn sa myn twivels te krijen. *(hy giet ôf. In slachter, Slovitich, komt syn winkel út mei in biezem. Hy feit de smoargens op in bult en feit it dan de winkel yn. De postboade Mishkin komt op)*

SLOVITCH: Moarn, postboade.

MISHKIN: Moarn, slachter.

SLOVITCH: Wat in prachtige, sinneskyndei, hin?

MISHKIN: O, ja? Ik ha noch net omheech sjoen. *(hy sjocht omheech)*
O, ja. Prachtich. Hiel moai.

SLOVITCH: Ha ik post?

MISHKIN: Nee. It spyt my. Ik bin de postboade. Ik ha alle post.

SLOVITCH: Myn suster yn Odessa fiede har net sa goed. Ik hie de hoop wat fan har te hearen.

MISHKIN: It is hast net mooglik om hjir te hearen wat hielendal yn Odessa sein wurdt. Miskien hat se in brief skreaun. Ik sil ris sjen. *(Hy begjint tusken de post te sykjen. Wy heare Yenchna, in keapfrou, "fisk" roppen foardat se opkomt)*

YENCHNA: *(mei har keapwaar)* Fisk. Farske fisk. Lekkere farske bot en skol. In moaie karper foar by de lunch.

SLOVITCH: Moarn, Yenchna.

YENCHNA: Wat tochst fan in lekkere snoekbears? Is it gjin prachtige fisk?

SLOVITCH: Hoe bedoelst: fisk? Dat bin blommen.

YENCHNA: Omdat de fisker hjoed neat fongen hat, hoech ik noch gjin skea te hawwen. Besykje de karper, hy rûkt hearlik.

MISHKIN: In brief fan dyn suster sit der net by, Slovitich. Mar ik ha wol in leuke brief fan de nicht fan de skuonmakker. Wolst dy ha?

SLOVITCH: Is se siik? Ik hâld der net fan om aaklik nijs te lêzen.

MISHKIN: Nee, nee. Sa sûn as in fisk. Hjir. Do silst der fan genietsje.

YENCHNA: Wolle jim wol leauwe dat myn dochter my al mear as in jier net mear skreaun hat.

MISHKIN: Dyn dochter wennet dochs by dy yn?

YENCHNA: Ja. En dat is mar goed ek. Oars soe ik noait wat fan har heare. *(Leon op)*

LEON: *(tsjin de doarpsbewenners)* Moarn. Ik bin Leon Steponovitch Tolchinsky. Ik bin de nije skoalmaster.

MISHKIN: (*bûgt*) Mishkin de postboade.

SLOVITCH: (*bûgt*) Slovitch de slachter.

YENCHNA: Yenchna de keapfrou.

LEON: Tige nei't sin. Ik prate niis mei in skiephoeder dy't Snetsky hyt.

MISHKIN: O, ja. Huppeldepup Huppeldepup Snetsky. Dy kinne wy goed.

LEON: In aardige man, dêr net fan, mar - en dat bedoel ik net ferkeard - geastlik wat beheind.

YENCHNA: Dat is Snetsky. Hielendal. (*tikket tjin de foarholle*) Is troch in hynder tsjin de holle trape.

LEON: O, jee. Wat sneu. Wannear is dat gebeurd?

YENCHNA: Tiisdei, woansdei, twa kear op freed en sneon de hiele dei.

LEON: (*sjocht nei Yenchna har blommen*) Wat in fleurige en lekker rûkende blommen, mefrou. Miskien keapje ik wat foar myn nije wurkjouwer. Wat kostje se, at ik freegje mei?

YENCHNA: De bot is twa kopeken en de skol trije.

LEON: Pardon?

YENCHNA: (*lit in wite blom sjen*) At dat te djoer is, ha ik noch in skylfisk foar oardel. (*se docht'm yn in krante en jout'm oan Leon. Hy betellet*)

LEON: (*tsjin it publyk*) Miskien is it dialekt hjir wat oars as yn de rest fan de streek. (*tsjin de groep*) Ik kin hast net wachtsje om mei myn nije wurk te begjinnen. Soe ien fan jim sa freonlik wêze wolle om my it hûs fan dokter Zubritsky te wizen? (*se wize allegear ergens oars hinne*)

ALLE TRIJE: Dy kant op.

LEON: Tanke. Ik tink dat ik dy kant út gean dy't jim net oanwiisd ha... It wie my tige nei't sin. (*Snetsky op*) O. Hallo. Ha jo jo skiep al fûn?

SNETSKY: Noch net. (*Leon giet fuort*) Wa wie dat?

MISHKIN: De nije skoalmaster.

SNETSKY: Noch ien? Ik ha der krekt sa'n ien moete, se ha hjir seker in konferinsje of sa.

YENCHNA: Graaf Yousekevitch boppe op de heuvel sil dit net leuk fine.

SLOVITCH: Krekt. Graaf Yousekevitch hâldt net fan nije skoalmasters.

SNETSKY: Wêrom net?

MISHKIN: Hy is bang dat se de flok ferbrekke sille.

SNETSKY: Welke flok?

SLOVITCH: De flok dy't der foar soarge hat dat wy dom binne sûnt de dei dat wy berne binne.

SNETSKY: O, dy.

MISHKIN: Ja. Ik bin no al ienenfyftich jier dom... En do, Snetsky?

SNETSKY: Ik trijeënfjirtich.

MISHKIN: En do, Slovitch?

SLOVITCH: Ienenfjirtich. En do, Yenchna?

YENCHNA: Ik bin krekt seisentweintich west.

SLOVITCH: Dat is hjir seker in hiel ein wei. (*allegear ôf*)

It hûs fan Dokter Zubritsky. De Dokter ûndersiket in pasjint, Magistraat Kupchik. Mei in kaart wurdt it gesichtsfermogen fan de Magistraat testen.

MAGISTRAAT: (*mei de hân foar ien fan de eagen*) K... E... 5... L... A... R... V... Is dat goed?

DOKTER: Ik wit it net. It klinkt goed. (*lústert nei it hert fan de Magistraat*) Ja... ja... Hiel ynteressant.

MAGISTRAAT: Dus ik bin goed sûn?

DOKTER: Sa sûn as't mar kin. Jo wurde noch tachtich.

MAGISTRAAT: Ik bin no njoggenensantich.

DOKTER: Dan ha jo noch in prachtich jier foar de boech.

MAGISTRAAT: (*klaait him oan*) Moai. Ik moat goed yn kondysje bliuwe. Ik bin in Magistraat. Oarder en gesach moatte hanthavene wurde.

DOKTER: Wolle jo in resept?

MAGISTRAAT: Wêr foar?

DOKTER: Wit ik net. Sommige minske wolle graach in resept. Hjir, nim dit mei nei de apteker. Sykje mar wat út en nim it trije kear deis yn mei wat wetter. Oant sjen, hear.

MAGISTRAAT: Hoefolle krije jo fan my, Dokter?

DOKTER: O, lit mar sitte. Lit mar sitte. At ik oait oan in stûdzje medisinen begjin, kin jo my wat stjoere.

MAGISTRAAT: O, tanke. Oant sjen. (*Lenya komt op. Se is útlitten en oerallich*)

LENYA: Nikolai. Nikolai. Hy is der. Hy is kommen. Noch gjin twa minuten ferlyn. Hy is jong. Hy sjocht der sterk út, fêstberieden. Miskien is hy it, Nikolai. Miskien sil dit ús rêding weze.

DOKTER: Kalm, Lenya. Wa is kommen? Wa sil ús rêding wêze?

LENYA: De nije - uh - De nije - hoe neame je dy ek al wer? Se komme en se - uh - Deselde dy - wy ha der wol ris ien hân.

DOKTER: O, god. Ik wit it. Ik wit wa'st bedoelst.

LENYA: Se ha in gebou, en dan giest dêr hinne...

DOKTER: En dan wize se nei dy en se sizze - uh - se wolle datst - uh...

LENYA: En atst it net kinst, sizze se: "Hoe kin dat? De oare kear kinst it".

DOKTER: En hy is bûten?

LENYA: Oan't ein fan de stjitte.

DOKTER: Wol, lit him deryn, Lenya. Lit him deryn. En litte wy hoopje dat dit deselde is dy't ús en hiel Kulyenchikov ferlosse sil fan dy grauwelige - uh - dy - uh -... O, god, wat ha wy el al wer?

LENYA: Ik wit it. Ik wit watst bedoelst. It klinkt as bok...

DOKTER: Bok?

LENYA: Of kok...

DOKTER: Kok.

LENYA: Sa sa wat.

DOKTER: Of soks sa wat. (*der wurdt kloppe*) Of is it in klop?

LENYA: Ha wy in klop? (*se giet nei de doar*)

DOKTER: Ja, ja. Doch de klop iepen. (*se triuwt tsjin de doar*) Net triuwe, lûke. Lûke. (*se docht de doar iepen. En dêr stiet Leon*)

LENYA: Komme jo deryn, jongfeint.

LEON: Dokter Zubritsky? Mefrou Zubritsky? Ik fyn it fijn dat ik yn Kulyenchikov bin. Ik bin Leon Steponovitch Tolchinsky.

DOKTER: Dus jo binne de nije - de nije...

LEON: Ja, dat bin ik.

DOKTER: Hy is it, Lenya, de nije - de nije...

LEON: Mar bin jo net in bytsje jong om in - om in...

LEON: Hielendal net. Ik tink dat jo der gau achter komme sille dat ik ien fan de bêste jonge - no ja, ik wol net ûnbeskieden wêze.

DOKTER: Nee. Asjebleaf, wês ûnbeskieden. Wy bin gek op ûnbeskiedenheid.

LENYA: Wat ûnbeskiedener wat better. De beste jonge wat? Wat?

LEON: De bêste jonge master yn hiel Ruslân.

DOKTER: (*oeral*) In master. Hy is in master. De nije master is hjir.

LENYA: God tank; de nije master is hjir.

LEON: Tanke. Tanke. Ik fiel my bûtengewoan flaaike troch dizze allerhertlikste en oerweldigjende ûntfangst.

DOKTER: Doch oft jo thús binne, master. Doch jo jas út, master. Lenya, bring de master in kopke tee. Gean sitten, master.

LENYA: Wolle jo tee, master? Of in pinne en papier, master? Wolle jo miskien direkt begjinne mei masterjen, master?

LEON: Gjin ien hat der mear sin oan dan ik. Mefrou Zubritsky, dit is foar jo. (*jout har de blommen*)

LENYA: O, skylfisk. Ik seach se te keap hjoed. Tankewol. (*se pakt se oan. Leon sjocht ferbjustere it publyk yn*)

DOKTER: Wat kinne wy foar jo dwaan?

LEON: No, ik hie jo earst in pear fragen stelle wollen.

DOKTER: Fragen. Se stelle fragen. At se nei dy wize en do witst it net.

Hy wit it. Hy wit wat fragen binne. Leau my, dit wurdt in goeie master.

LENYA: Soene jo sa freonlik wêze wolle, Master Tolchinsky, om - om ús in fraach te stellen. It jout neat wat foar fraach.

DOKTER: It betsjut in hiel soad foar ús. It is sa lang ferlyn dat ien ús in goeie "skoalle" fraach steld hat... Asjebleaft. *(se gear alle gear sitten)*

LEON: Sjoch, der binne fragen en fragen. Wolle jo in fraach oer wiskunde, in fraach oer biology of in filosofyske fraach?

DOKTER: De earste. De earste klinkt goed. De filosofyske fraach. Stel ús dy mar.

LEON: Goed, sa't jo wolle... Wat is de sin fan it libben?

DOKTER: Wat in fraach... Lenya, hasto oait sa'n moaie fraach heard?

LENYA: Ik bin ferslein... Dat ien ús sa'n fraach steld.

LEON: Wolle jo it antwurd noch witte?

DOKTER: Hjoed net, tanke. Ien sa'n fraach is mear dan't wy oait ferwachte hiene. It antwurd moat mar jûn wurde oan ien dy't der folle mear rjocht op hat dan wy.

LEON: Mar it is jo berte-rjocht. Kennis is it berte-rjocht fan elkenien.

DOKTER: Elkenien dy't net yn Kulyenchikov berne is.

LEON: Dat begryp ik net.

LENYA: Dat soene jo wol as jo fan de bok wisten.

LEON: Welke bok?

DOKTER: Net de bok, de kok.

LEON: De kok?

LENYA: Hy bedoelt de stok.

LEON: Wat foar stok?

DOKTER: De stok dy't de liikens fan God del falle lit op al dy earme sielen dy't sa ûngelokkich wiene om yn dit jammerdearlike doarp berne te wurden.

LEON: Bedoele jo miskien in flok?

DOKTER: Flok. Dat is it. Ik wist dat it sa klonk.

LENYA: Wy wiene sa waarm. Sa waarm.

LEON: Oer wat flok ha jo it, Dokter Zubritsky?

DOKTER: Lenya, doch de doar op't slot. Slút de gerdinen.

LENYA: Ik kin de gerdinen net slute. Der sit gjin slot op.

DOKTER: Lit mar. Lit dyn stim sakje.

LENYA: *(bûgt troch de kinbbels, makket har sels lytser)* Sa? Of moat ik myn stim noch fierde sakje litte?

DOKTER: Nee, sa is't goed. Bring it boek, it stiet op de planke. *(se rint nei de boekeplanke, mei bûgde knibbels. Tsjin Leon)* Jongfeint - ha

jo oait earder heard fan de flok fan Kulyenchikov?

LEON: Ik kin net sizze fan wol.

DOKTER: Kin jo dat net sizze? Sa dreech is dat net. Sels Lenya kin it sizze.

LENYA: (*stiet foar de boekeplanke*) "De flok fan Kulyenchikov".

LEON: Wat is dat foar in flok, dokter?

DOKTER: Twahûndert jier ferlyn waard der oer elkenien yn dit doarp in flok útsprutsen; man, frou, bern en húsdier, ynklusyf al harren neikommelingen, elk fan har soe tenei - jo kin it leauwe of net - amper yntelliginter wêze dan it achterein fan in baarch.

LEON: Dokter, ik leau net yn flokken. Flokken bin âlde wive praatsjes.

DOKTER: Jo ha it oer Noychka. Dêr waarden alle âlde wiven ferflokt omdat se praatsjes hiene. Us flok is hiel oars.

LEON: Mar wêr kaam dy flok wei? En wa leit sa'n fredich doarp no sa'n swiere straf op? (*Lenya is werom mei it boek*)

DOKTER: Wa o wa? It stiet allegear yn it Boek fan de Flokken. (*blaast it stof fan it boek yn it gesicht fan Leon. Tsjin Lenya*) Ik miende datsto seist datst juster stof ôfnommen hiest.

LENYA: Ha ik ek. Ik ha it dêr ôfnommen en hjir wer oplein.

DOKTER: (*tsjin Leon*) Hjir. Lês sels mar. De bledside is murken.

LEON: (*docht it boek iepen. De bledside plakt en kleeft*) Hielendal fêstplakt.

LENYA: Wy ha him mei sjerp murken. Lês ris foar. (*se gean allegear by dokter op de sofa sitten*)

LEON: (*lêst*) "Op de moarns fan de alfde april, yn it jier 1691, yn it doarp Kulyenchikov, waarden twa jonge minsken hopeleas fereale op elkoar".

LENYA: Ik wist it. Hieltyd at jonge minsken fereale wurde, witst dat der in flok komt.

LEON: Mar dit ha jo dochs wol ris earder heard?

DOKTER: Sa faak. Mar wy begripe it noait. It is in hiel goed trochtochte flok.

LENYA: Lêze jo fierder.

LEON: "De feint wie de jonge, knappe mar ûnbelêzene boer Casimir Yousekevitch. It fanke wie de dochter fan de meast gelearde man yn it doarp, Mikhail Zubritsky".

LENYA: Zubritsky! Dy namme ha ik earder heard.

DOKTER: Ik ha'm sjoen. Ik ha'm sjoen. Ergens op in foardaor. Yn dizze buert.

LEON: Op jo eigen foardoar. Jo namme is Zubritsky.

DOKTER: (*mei berekking*) Wachtsje even. Dat betsjut dat de jongfeint yn de flok nei alle gedachten yn ferbân stiet - mei ús foardoar.

(hy en Lenya rinne nei de doar, dogge dy iepen en sjogge nei bûten)
LEON: *(tsjin publyk)* Tink derom, ik ha no te meitsjen mei de yntelliginste... Ik gean fierder: "De namme fan it jonge fanke wie Sofia Zubritsky". *(tsjin dokter)* Mei ik freegje wat de namme fan jo jongste dochter is?
DOKTER: Sofia.
LEON: Sofia? Sofia Zubritsky! Deselde namme as it fanke yn de flok fan twahûndert jier ferlyn.
DOKTER: Ik kin it net leauwe. Of ús dochter soe ús foarliigd ha moatte oer hoe âld at se is. *(hy en Lenya binne werom kommen. Se stean elk achter in stoel)*

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto